

Bijlage VWO
2018

tijdvak 1

Fries

Tekstboekje

No time for losers

(1) It ronkjende parseberjocht is opsteld yn de bosken fan Zeist, troch fuotbalbûn KNVB, mar de tekst hie neffens sportsosjoloog Ramón

5 Spaaij ek skreaun wurde kinnen yn syn ûndersyksgebiet: de koarkdrûge efterôflizzende gebieten fan Australië. “Fuotbal is it grutste sosjale netwurk fan ús lân”, stelde it

10 fuotbalbûn okkerlêsten. “It draacht by oan de maatskiplike tema’s foarming, sûnens en ferbining.” Sport as in heilsum middel, in wûndermiddel foar maatskiplik sear. Spaaij komt dy

15 opfetting hieltyd tsjin: yn de Olympyske beweging, yn de fuotballerij, sels yn it Australyske gehucht Birchip, dêr’t Australian football neffens him de sosjale funksje fan de

20 tsjerke oernommen hat. In hiel soad ynwenners teagen út dat plattelânsdoarp dat Spaaij twa en in heal jier bestudearre hat. De befolking rûn yn koarte tiid tebek fan 1100 nei 800

25 minsken. Efterbliuwers fertelden Spaaij dat football ‘de siel fan de mienskip’ foarme. Sy foarseinen dat it doarp ‘dea’ wêze soe sûnder de sport. “Yn in mikrokosmos sjochst dêr

30 in hillich leauwen yn de wearde fan sport foar de maatskippij.”

(2) Dat bline leauwen sinniget de 35-jierrige Spaaij net alhiel. Hy is bysûnder heechlearaar sportsosjology oan de Universiteit van Amsterdam en universitêr haaddosint oan de Victoria University yn Melbourne. Hy is oplat yn de krityske tradysje fan ferneamde Amsterdamske

40 sosjologen as Schuyt, De Swaan en Goudsblom, publike yntellektuelen dy’t harren oppenearren yn

prangjende maatskiplike diskusjes. Spaaij kin gjin bestjoerder lofsjongen

45 hearre oer de maatskiplike wearde fan sport sûnder te tinken: hoesa docht de sport dat allegearre? Effekten fan sport dy’t neffens him komselden beljochte wurde, binne

50 der ek: útslute en ôfstompe. Mei twa kollega’s publisearre er okkerlêsten it boek *Sport and Social Exclusion in Global Society*.

(3) Yn in kofjehûs yn in bûtenwyk fan Melbourne docht bliken dat de jonge ûndersiker in besiele sprekker is, dy’t like maklik Johan Crujff sitearret as de Frânske sosjoloog Pierre Bourdieu. Spaaij ûntkent net dat sport in

60 positive bydrage leverje kin oan maatskiplike ûntjouwingen. Sosjale ferbining, yntegraasje, geastlike en lichaaamlke sûnens: al dy begripen hawwe harren net sûnder reden set

65 yn sportnota’s. Spaaij freget him lykwols ôf wêr’t it sûne ferstân oergiet yn dogmatyske driuwerij: “Binne netwurken altyd heilsum en deugdsum? Of binne se ek wolris

70 pervers? Wa hat tagong ta ferieningen en wa ûnderfynt der krekt neidielen fan? Ik bin huverich foar in generalisearre byld. Oer wa giet it krekt? Wat binne presys de

75 effekten?”

(4) Neffens Spaaij slút sport nau oan by it neoliberale gedachtegoed. It is de meritokrasjy¹⁾ yn in nutedop, is it betinken: elkenien hat in gelikense

80 kâns. Wa’t hurd wurkje wol, kin op eigen krêft slagje. Komôf liket der net ta te dwaan. De Olympyske beweging ferspriedt dat idee as it evangeelje. De sosjoloog: “Op de

85 100 meter sprint begjint elkenien by
nul. As Usain Bolt wint, is it syn eigen
fertsjinst. Syn talint hat him safier
brocht, de maatskippij stiet dêr los
fan. Dy myte bestiet. It is in gedachte
90 dy't net te wjerstean is, mar dy't echt
ûnsin is. In Australyske tennisser hat
mear kâns as in Nederlânske, omdat
it opliedingssysteem yn Australië
better is.”

95 **(5)** Sporten en sportklups hawwe
faak in twingende kultuer mei sterke
ideeën oer komôf, hûdskleur,
seksueel aard en slachte. Om dy
reden sporte homoseksuelen en
100 migranten soms leaver yn harren
eigen rûnte, yn eigen ferieningen en
kompetysjes. Hja wolle sporte yn in
feilige omjouwing. “Koartlyn toande
ûndersyk oan dat acht fan de tsien
105 sporters dy't harren identifisearje as
homo- of transseksueel, regelmjittich
te krijen hân hawwe mei homofoob
taalgebrûk. Der wurdt dan al gau sein
dat soks bart ‘in the spirit of the
110 game’, mar it kin minsken likegoed
hiel sear dwaan. Yn sokke gefallen is
sport net goed foar dy, mar kin dy
negative gefolgen hawwe foar dyn
eigenwearde. Ik fyn it gjin probleem
115 dat der aparte kompetysjes bestean,
al is dat eins segregasje. It is in
reaksje op it útslettenwêzen dat
minsken reëel ûnderfine. Mar hat de
sport yn sokke gefallen in maatskiplik
120 probleem oplost? Winliken net.”

(6) Spaaij is yn Melbourne te witten
kommen dat it ferlet om de
maatskiplike wearde fan sport yn
besprek te jaan yn Australië noch
125 lytser is as yn Nederlân. “Sport stiet
sintraal yn de Australyske identiteit. It
lân hat al twa kear de Olympyske
Spelen organisearre, yn Melbourne
yn 1956 en yn Sidney yn 2000. De
130 oerheid stekt in soad jild yn sport. Yn
Nederlân kinne we weromgripe op de

Gouden Iuw. Australië is in betreklik
jonge mienskip. Sport is in kearn-
elemint yn de nasjonale identiteits-
foarming fan it lân, lykas de Earste
135 en de Twadde Wrâldoarloch.”

(7) Gjinn sport is foar dy identiteit
wichtiger as Australian football, in
rûge fariant fan rugby. Blanken dy't
140 dy sport beoefenje, tinke dat de sport
Britske woartels hat, Aboriginals²⁾
beweare dat de spulregels tebek
geane op tradysjonele gebrûken.
Twa jier lyn late in ynsidint mei
145 topspiler Adam Goodes ta in
nasjonale diskusje oer rasisme.
Goodes, dy't foar in part Aboriginal
is, waard yn in wedstryd fan syn
Sydney Swans tsjin Collingwood
150 Football Club troch in famke fan
trettjin jier útmakke foar aap. Goodes
bleau stean en spruts har oan op har
gedrach. Sy waard fuortfierd. Letter
sei Goodes dat hy har neat kwea ôf
155 naam en dat har omjouwing ferant-
wurdlik wie foar har gedrach. Mar
dêrmei wie de saak noch net útiten.
De foarsitter fan Collingwood, Eddie
McGuire, notabene lid fan in nasjo-
160 nale kommisje ta befoardering fan
yntegraasje, sei dat it famke net
witten hie dat ‘aap’ in rasistyske term
wie en hy ferlike dêrnei Goodes mei
filmgorilla King Kong.

(8) Spaaij: “It wie miskien ûnbewust,
ûnbedoeld rasisme. Mar likegoed ek
hiel fout. It idee dat rasisme bestiet
yn it Australian football, dêr is hast
net oer te praten. Kom net oan dy
170 sport. Der wurdt sein dat it net sa
bedoeld is en dat it better is as
tweintich jier lyn. Dat is ek sa, mar it
probleem wurdt gau ûnder it klead
fage. Men kin it ferlykje mei de
175 diskusje oer Swarte Pyt yn Nederlân.
Nimmen wurdt graach konfrontearre
mei syn eigen demoanen.”

(9) De Olympyske propaganda ropt
hieltyd faker protest op. Yn München
180 en Oslo wie der net genôch draach-
flak om mei te dwaan oan de race
foar de Winterspelen fan 2022. Yn
Boston waard protestearre tsjin de
kandidatuer foar de Simmerspelen
185 fan 2024. Yn Rio de Janeiro wie der
ûnfrede oer de Simmerspelen fan
2016. Utsein in hege skuld is de
neilittenskip fan de Olympyske
Spelen en WK's hiel lyts, sa toane
190 neffens Spaaij de ûndersiken oan. De
befolking wurdt net duorjend gelok-
kiger, sûner, riker, sportiver of
toleranter.

(10) Sportbûnen moatte ek wach
195 wêze, benammen yn grutte stêden.
Neffens NOC*NSF³⁾ is it tal leden fan
de 75 bûnen dy't by de organisaasje
oansletten binne sûnt 2013 mei goed
1 prosint omleech gien. By guon
200 bûnen wie de delgong sterker: tennis
(8 prosint), swimmen (3 prosint),
kuorbal (5 prosint). Dat hat neffens
de sportkoepel te krijen mei besuni-
gingen yn de hûshâldingen as
205 gefolch fan de ekonomyske malêze,
mar ek mei in grutter wurdend ferlet
fan minsken om yn los ferbân te
sporten, yn 'e sportskoalle of mei
hurdrin- of fytsgroepkes. Spaaij: "Wat
210 betsjut fergrizing foar de amateur-
sport? Hokker gefolgen hat migraas-
je? Jongere generaasjes sykje
hieltyd mear oansluting by de net-
organisearre sport: fytse, hurdrinne,
215 de sportskoalle. Hoe bliuwt in
sportklup relevant yn in feroarjende
wrâld? Is dy by steat en lûk minsken
oan dy't minder bûn wêze wolle? Dy
fragen wurde steld yn Australië en yn
220 Nederlân."

(11) It binne komplekse problemen,
neffens Spaaij miskien wol te dreech
foar de frijwilligers fan de trochsneed
sportferiening. Benammen de

225 omgong mei migranten freget om in
iepen each. De sosjoloach bestu-
dearre yn Melbourne de betizing
tusken Australiërs en Somalyske
nijkommelingen. "It sportbûn sei: 'Wy
230 moatte harren leare hoe wichtich oft
sport is'. Kinst ek tinke: faaks moatte
wy harkje nei wat foar Somaliërs
wichtich is. Foar harren wie sport gjin
prioriteit. Te iten en te drinken
235 hawwe, mei acht bern oerlibje yn in
sosjale hierwenning sûnder
oerheidsstipe: dat wie wichtich. Moat
men sport dan optwinge? Dat is in
skaaimerik fan de dominante kultuer."
240 **(12)** Hoe't it wol kin, seach Spaaij by
in Australyske cricketklup dy't heal-
wei de foarige iuw oprjochte waard
troch Súd-Europeeske ymmigranten.
Dy seagen dat Pakistaanske studin-
245 ten op harren fjilden spilen en yn stee
fan harren fuort te jeien, fregen hja
har wêrom't de studinten gjin lid
waarden. It die bliken dat se gjin jild
of tiid hiene foar in lidmaatskip. De
250 Pakistanen wiene wol ree om fiif
dollar de kear te beteljen foar it
brûken fan de fasiliteiten. Se sochten
fleksibiliteit, de klup joech dy.
(13) Soe dy tinkwize yn Nederlân
255 oanslaan? Lytse bûnen sette al
foarsichtich in pear stappen yn dy
rjochting, sa wit Spaaij, mar hy
ferwachtet dat it tiid kostje sil. Nef-
fens NOC*NSF is it foar klups lesti-
260 ger as foarhinne om frijwilligers te
finen. Minsken wolle stoom ôfblaze,
de deistige realiteit ferjitte troch
lekker te bewegen. Sporte om de
sport moat kinne, fynt Spaaij, wat
265 bestjoerders ek sizze yn harren
ronkjende parseberjochten. Yn eigen
hûs hawwe dy bestjoerders faak
noch genôch wurk te dwaan. Spaaij
stiet in resinte bekentenis fan in
270 NOC*NSF-topman by: "Hy seach mei
in lunsj ris om him hinne en seach

allinne blanke kollega's. Doe foel it diverser wêze moatte, mar binne wy
kwartsje: Wy sizze tsjin bûnen dat sy ²⁷⁵ dat sels?"

naar: Mark van Driel, de Volkskrant, 8 april 2015

- noot 1 Meritokrasjy is in maatskippijmodel dêr't de sosjaal-ekonomyske posysje fan elk yndividu yn basearre is op syn fertsjinsten. Dêrby giet it dus net drekst om jins talinten, mar wat men dêrmei docht. Oare faktoaren lykas komôf, ras en geslacht meie dêr yn prinsipe gjin rol by spylje.
- noot 2 De Aboriginals binne de earste bewenners fan it Australyske kontinint. Harren ôfstammelingen binne troch de blanke befolking lange tiid as minderwaardich beskôge.
- noot 3 It NOC*NSF is in Nederlânske sportorganisaasje dy't in koepel foarmet foar in tal lanlike sportorganisaasjes en as doel hat om (top)sport yn Nederlân te befoarderjen.

It rûge ferline fan streektalmuzyk

(1) Ynteressant oan bepaalde streektalmuzyk is de fassinaasje foar de rûge, proletaryske en subversive kanten fan it eigen lokale ferline. By Rowwen Hèze sit him dat drekst al yn de namme. De Limburchske dialektband ferneamde himsels nei in histoarysk figuer: Christiaan Hesens (1853-1947), in kluzener en in ôfgrypslike ferskinning yn America, it Noard-Limburchske doarp yn de Peel. Syn bynamme wie 'Rowwen Hèze', wat frij fertaald 'rûge Hesens' betsjut. De bandleden fûnen dat de namme lekker bekke, mar learden de man dêrefter pas kennen doe't sjoernalisten ûndersyk nei him dien hiene.

(2) Fan dyselde fassinaasje foar it rûge ferline fan in earne streek as de Peel wurkje ik hjir in Frysk foarbyld út fan in oantal muzykgroepen. De muzykgroepen Strawelte, De Hûnekop en De Doelleazen binne mei-inoar dwaande om de kultuer fan harren bertestreek, De Wâlden, (op 'e nij) út te finen. De kultuer dy't se útdrage, fynt men (foar in part) ek by oare groepen, bygelyks by Meindert Talma of Nyk de Vries yn de mear literêre hoeke en hielendal yn it sjenre fan de smartlappen.

(3) Yn de teksten fan dy bands spilet de fassinaasje foar de antyboargerlike, proletaryske en subversive kanten fan harren lokale identiteit in beskiedende rol. Ornaris sjonge se yn it Wâldfryske dialekt oer de rûge ûnderkant fan de maatskippij yn De Wâlden. De antyboargerlike frijbûter dy't ea op de wyldlannen fan de

heidestreek libbe hawwe soe, is harren úteinlik foarbyld.

(4) Ofgeand op it lânskip kin men Fryslân ferdiele yn twaen: in part dat op de see wûn waard en in stik dat der al folle langer wie. De Wâlden hearre by dat lêste part. Se besteane – lykas de Peel – út sân- en feangrûnen en it byld fan de streek wurdt oan hjoed-de-dei ta bepaald troch de eardere earmoede. En dy earmoede wurdt wer by útstek belicheme yn de figuer fan de 'heidebewenner', de antyboarger pur sang, de Christiaan Hesens fan De Wâlden en fan Fryslân.

(5) De byldfoarming om de heidebewenner hinne hat in lange skiednis. Al fan de lette achttjinde iuw ôf ûntstiene op de heidefjilden oan de grinzen fan de boargerlike gemeenten yn De Wâlden de delsettingen fan earne lju. De wenomstannichheden wiene werklik beroerd. De minsken libben dêr – lykas de histoaryske Rowwen Hèze – mei it fee heal yn de grûn útgroeven, heal fan heideseadden opboude spitketen. It oansjen dêrfan makke by de stedsboargerij in net te stuitsjen driuw los ta ûntginning en beskaving, mar ek in fassinaasje foar dat 'oare', foar it net-boargerlike, dat sa tichteby om de hoeke op de heide libbe.

(6) By safolle ellinde en earmoede fertsjinne dy – romantysk oandwaande – oanlûkingskrêft dy't de heidebewenner útoefene wol wat útlis. Dy fine wy bygelyks yn it wurk fan de sjoernalist Jacob Hepkema (1845-1919). Hy bereizge om 1900 hinne de Fryske heide, ynterviewde

de minsken dêr en sketste it byld fan
85 'de eksoat yn eigen lân': "In heide- en
huttesite kin de frjemdling
oanrekkekomandearre wurde. It is like
fernuverjend as learsum. Hjir is om
samar te sizzen in stikje natuer en
90 libben fan foar tûzen jier te finen." Yn
de eagen fan Hepkema en syn
tiidgenoaten libbe middenmank it
boargerlike, moderne Fryslân op
efterôflizzende heidefjilden, yn de
95 figuer fan de heidebewenner, dus in
soarte fan primitive wylde, in folslein
'oaren' as hysels. De fassinaasje
dêrfoar waard fersterke trochdat oan
de ein fan de njoggentjinde iuw de
100 heidedelsettingen diel begûnen út te
meitsjen fan de boargerlike maatskip-
pij. Der waarden tsjerken en skoallen
stifte yn wat 'de heidedoarpen yn De
Noardlike Wâlden' kaam te hjitten. It
105 ûnlân waard greidlân en de
bewenners feroaren fan los folk yn –
benammen yn ploegen wurkjende –
grûn-, lân- of strjitarbeiders. En
alhoewol't de spitkeet leech kaam te
110 stean, bleau de byldfoarming en dy
gie oer op de arbeiders út dy
doarpen.

(7) Nei de Twadde Wrâldoarloch
waard de frijfochten, opljeppene,
115 earbewuste en gewelddiedige
heidebewenner haadfiguer yn
alderhande wittenskiplike literatuer
en ek yn fiksje en films. Guon witten-
skippers mienden dat de frijfochten
120 mentaliteit fan de heidebewenner it
wêzen fan de heidedoarpen útmakke.
Rink van der Velde syn roman
Feroaring fan lucht fan 1971 gie oer
sa'n frijbûtser, ien dy't by Philips yn
125 Drachten te wurkjen gie, yn in
rychjeshûs wenje moast, mar dy't it
ferpofte om tenei yn in porsleinen
húskepot te pisjen. Mei 35.000
ferkochte eksimplaren wie it boek it
130 grutste ferkeapsúkses út de Fryske

literatuer ea; ien op de fyftjin Friezen
kocht it en dat lit sjen hoe werkenber
oft dy figuer fan de antyboargerlike
'heidebewenner' wie en hoe't krekt
135 hy yn Fryslân ek de nei-oarlochske
oergong fan in lânbou- nei in
yndustriële en tsjinste-ekonomy
belichemje koe.

(8) Sa waard de kultuer fan de eigen
140 streek útferrutte as in soarte
tsjinwicht tsjin de grutskalige oergong
nei oare, nije omstannichheden fan
libben, wenjen en wurkjen. It
'efterlikste' (yn de sin fan: yn de tiid
145 efterrinnend) út de streek waard
kompensaasje foar de ûnwissich-
heden dy't maatskiplike feroaringen
feroarsaken foar de takomst fan it
yndividu. Dit 'efterlike' is lykwols gjin
150 ûnderdiel fan it 'echte', wurksume
libben dêr't jild fertsjinne wurdt, mar
fan frijtiidsbesteging en ûntspanning
dêr't jild útjûn wurdt. En krekt dat
makket ek it ferskil út tusken de
155 hurde realiteit en de romantyske
fassinaasje.

(9) De streektalmuzyk fan de trije
bands út De Wâlden makket folop
gebrûk fan datselde byld fan de
160 rûchhouwerige, frijfochten arbeider
fan de heidedoarpen. En ek no kinne
wy dat sjen as in reaksje op in
feroaring, nammentlik dy fan de
gearhingjende prosessen fan
165 globalisearring en digitalisearring
sûnt de jierren njoggentich fan de
foarige iuw. Ek Wâldfriezen reizgje
en ferhúzje mear, hawwe by it finen
fan in baan mear konkurrinsje te
170 dachtsjen fan binnen- en no ek
bûtenlânske generaasjegenooten en
se binne dêr troch de ûnbidige
ynternettichtens ek goed fan op 'e
hichte.

(10) De ûnwissichheid en stress dy't
dat opleveret, wurdt kompensearre
yn in konsumptive frijtiidskultuer dy't

wrâldwiid is, mar lokaal ynfolle wurdt.
Yn de streektaalkultuer en
180 streektaalmuzyk is mei tank oan
bygelyks smartphones en YouTube
de relaasje tusken de fysike lokale
mienskip fan de konsertseal en de
firtuele *community* fan fans folle mear
185 komplisearre, hechter en foaral ek
massaler wurden as earder. Filmkes
fan Strawelte, de Hûnekop of de
remixen troch de Doelleazen wurde
hûnderttûzenen kearen besjoen.
190 **(11)** Dy ferfrisseling fan ynternet en
popmuzyk is in wrâldwiid fenomeen,
de lokale kant fan dat proses is folle
nijsgjirriger. De kar fan ûnderwerpen
yn dy heiderockmuzyk, de spesifike
195 wurden en útdrukkingen, klankfari-
aasjes en stereotipen bepale de
spesifike kleur. In moai, net al te
oplein foarbyld fan dit alles is de
remix troch de Doelleazen fan it
200 lietsje ‘Strjitlizzer’ fan Bricquebec.
Ofwiksele troch Ingelsktalige *yells*
(‘Listen to this track’, of ‘Where’s the
breakbeat’) sjongt sjonger Else yn
ûnferfalske Wâldfrysk oer in kuier
205 troch it heidedoarp Kollumersweach
en oer de opwining dy’t se fielt as se
sa’n strjitlizzer, in typysk berop foar
arbeiders út heidedoarpen, mei in
moai bosk hier oant healwei de rêch
210 (se binne rûch, dy arbeiders) en
stielblauwe eagen (en se binne ek
earlik en hurd) klinkerts lizzen sjocht:
‘Hee strjitlizzer, lis dyn klinkerts no
ris del en klopje mei dyn rubberham-
215 mer tsjin myn waarme fel’. De fideo
fan de *remix* dy’t de dj’s fan de

Doelleazen makken, skoarde mear
as 30.000 hits op YouTube en wurdt
nei fiif jier noch hieltyd wykliks troch
220 mear as tûzen minsken besjoen en
troch de bulte fans becommenta-
riearre.
(12) Guon bands dogge der – en se
soene dit ôfsjoen hawwe kinnen fan
225 Rowwen Hèze – ek fan alles oan om
fia websites harren muzyk en de
kultuer dy’t derby heart sels te
marketen. De superpopulêre
Hûnekop docht dat yn in webshop,
230 dêr’t bygelyks klompen te keap
binne, dêr’t it publyk inoar de harsens
mei ynslaan kin – yn de byldfoarming
de klassike manier om op ’e heide in
skeel te besljochtsjen. ‘Ik bin in
235 âlderwetske wâldpyk en ik hou dy op
'e bek’, sjonge se. Dat rûge,
frijfochten imago is *it* hannelsmerk
wurden: ‘Rûch as tou’, sa
presintearje sawol Hûnekop as
240 Strawelte harren. Yn harren lietsjes
(bygelyks ‘Ik bin in rûchhouwer’)
sjogge wy hieltyd de trekken werom
dy’t Hepkema mear as in iuw lyn al
taskreau oan de heidebewenner: it
245 wantrouwen oer de boargerlike
maatskippij, it ferhearlikjen fan
geweld en drankgebrûk en de
frijfochten hâlding foar elk gesach
oer.
250 **(13)** En sa binne wy ek werom by
Rowwen Hèze, en by de ferhearliking
fan it rûge ferline dêr’t dit stikje mei
begûn.

naar: Goffe Jensma, www.skanomodu.nl van 8 juli 2015

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.

Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.